

PRIJS 85 SINTEN



BLIED EN BLOM

NIJ FORSKAET FEN
FRYSKE FOARDRACHTEN

MEI IN FOAROPWIRD FEN
D. v. d. MEULEN (UDDO)

GEARSTALD TROCH
A. M. WYBENGA

UTJEFT FEN A. WALSWEER Jr., BERLTSUM (Fr.)

BLÊD EN BLOM

NIJ FORSKAET FEN

FRYSKE FOARDRACHTEN

GEARSTALD TROCH

A. M. WYBENG A



FOAROPWIRD.

De tiid leit noch net sa lang efter ús, det in Fries, dy 't syn eigen tael *ek* lêze en skriuwe koe, mei in kearske socht wirde moaste. Dat is nou lokkich gâns yn 't foroarjen en 't scil mei de tiid yetris sa wirde, det min in Fries, dy 't syn eigen tael *net* lêze en skriuwe kin, mei in kearske sykje moat.

Der komt nou stadichoan in waeksjend forlet fen sône folkslektuer. Lokkich is ús folk net fen it Fryske boek forstitsen bleaun. Nêss jierren bisoarge ús Fryske Psalmdichter, de hear A. M. Wybenga ús al syn skoandere Fryske Psalmen-oersetting, dy 't mei en nêst it sakrekt útkommen Frysk Nije Testamint fen dr. Wumkes, de greateste skatten bliuwe scille, dy 't ús folk yn syn eigen tael jown binne.

Mar dêrnêst bliuw't plak for goede sône ûntspanningslektuer yn 'e memmetael for it folk: for it Fryske boek en it Fryske dicht en den binammen it Kristlike. Dêrom is it my in foarrjucht, dizze samling dicht en proza fen A. M. Wybenga by ús Frysk lêzend folk yn to lieden. Fral „Jong Fryslân fynt hjir in skat fen Fryske foardrachfen: earnst en koartswyl; proza en poëzye. Meast ienfâldich wirk, mar det, nei 't ik hoopje, ús Fryske folk krekt dêrom tige weardearje scil. It measte is fen Wybenga sels; in inkeld stikje fen ús Bauke fen Skeanebûrren. Mar alles is soun fen ynhal'd en treflik fen foarm. Om in goed foardrachtsje yn ús eigen tael hoecht nimmen forlegen to sitten, as er dit boekje koft hat.

Mei ek dizze bondel derta meiwirkje, det linkende wei ús eigen tael yn Fryslân wer it earestoelte ynnimme mei, det hjar fen hûs út takomt.

Uddo.



Ynhâld.

	Blz. no.
1. It lean	1
2. Twisken yn	3
3. Yn Dagons hûs	3
4. It freegjende berntsje	5
5. De sike kou	7
6. Mem en bern	8
7. Slaed en andyvje	11
8. De fjirtich martelderskroanen	12
9. De hoanne en de ein	14
10. Op 'e Karmel	15
11. It djûre miel	17
12. Beppe en beppesizzer	18
13. It werkennen	19
14. De wiersizzer	20
15. De Lijende	21
16. De trien	24
17. It úthingboerd	25
18. As it Ijocht wirdt	26
19. Yn 'e brânkast	30
20. Yn de âlde wente	31
21. De dropkes	33
22. It offer	34
23. De waerme dei	38
24. De frouljue nei 't Grêf	42
25. It goedkeape miel	43
26. De Parreddysroas	45
27. In lytse luiichheit is in great fortriet	49
28. It brief nei de himel	51
29. De gelearde houn	53
30. Elisa's flucht	55
31. De wize pappegaei	59
32. De útredding	60
33. De golskjirre	63

1.

IT LEAN.

„Kom, frjeonen, op! de jacht fangt oan;
Scil hja ús libbensliifs forslide?
Lit ús bytiid yn de iere moarn
Dy dryste wolvebinde fine.

„Mar stil, hwer is myn trouwe houn?
Hwer kin ús skerpe Max dochs sitte?
Ik seach him net sont jisterjoun;
Hjir moat ik noadich mear fen witte.”

De ridder giet de paden roun:
„Gean, jagers, gean gerêst jimm' gangen;
Sa aenstouns helje ik, mei myn houn,
Jim wol wer yn mei rôdde sprongen.”

Hy tsjucht werom; by 't jachtwaerts gean
Liet men — sà seach men 't winnen
De poartedoarren iepen stean, winken —
Hy sjucht it, súnder troch to tinken.

Dêr komt er yn syn wenfortrek.
Ho? sjucht er Max dêr glûpich rinnen?
En rint it bloed him om syn bek?....
In nuvere eangst birint syn sinnen.

En 't widske, dêr't syn bern yn laei,
Leit dat dêr oer 'e side smiten?
Naem den syn trouwe houn sa'n draei;
En hat er 't berntsje deadlik biten?

O grouwel, dy't him hûvrjen docht!
Hy mient it stik hjir klear to lèzen:
Max hat syn iennichst bern forskoerd;
Dit skynt foarfêst net oars to wêzen.

Hy krijt it swird: „Dou falske houn!
Dij scil ik, ta dyn straf trochstekke!”
En 't beest falt krôljend oer 'e groun;
Dré scill dy troubrune eagen brekke.

Nou rokt er, eangst en freze yn't moed,
De widze oerein: hwet scil er fine?
Syn soantsje, wrantljend yn syn bloed,
Topletttere yn syn lêste pine?....

Né! wündre kear! ho sjucht er dêr
Syn berntsje noslik glimkjend lizzen,
As kaem er út 'e deaden wer....
Hy wit fen lok gjin wird to sizzen.

En by it bern, dêr laei in wolf
Forskoerd! ho frjemd is 't him to moede:
Nou sjucht er 't! 't bloed wier fen 'e wolf;
Max hie nei plicht syn bern bihoede.

„O! hwet ha'k dien!“ hy skreaut it út;
„O Max! myn houn! o dei fen rouwe!
Ho hanle ik mei in dwaes bislút.
En dou, dou stjerst! myn álde trouwe.“

Dêr falt er op 'e knibbels del,
As om syn Max syn smert to sizzen;
En 't beest forriist in inkle tel,
Mar giet wer pynlik kreunjend lizzen.

Hwet diich ik yn myn ûnforstân?
Ho ha'k to gau myn wapen krigel!“
Sa skriemt er 't út yn smertebrân.
En Max, hwaens pynlik smeekjende eagen
As nei in lêst forkwikken seagen,
Bislikket noch dy wrede hân, —
Den skokt er wyld, en — is fortige.

De ridder swirl de wrâld yn't roun;
Mar, hwer't syn foetten hinne teagen,
Aloan bliuwt him dat bield foar eagen
En freget him syn stoarne houn:
„Hast' my nei rjucht dy deasteck jown?
Hie'k den myn plicht net dien nei winsken?
Is dit, is dit **it lean** fen **minsker?**“

2.

TWISKEN YN.

Twa frjeonen sieten by inoarren
To swetsen, do't in burman kaem,
En twisken hjarren yn in plakje,
Om hwet to praten, by hjar naem.

Hja seine tsjin him: „Dat treft aerdich!
Wy hiene pas oer Jo 't gesprek;
Wy fregen alris oan elkoarren:
Is Pibe in skurk ef is 't in gek?“

De bûrman lake in bytsje ûnnoazel,
As preaude er neat fen hjar fenyn;
Hy sei: „Och ja, hwet scil men sizze?
In skurk, — in gek, — dêr sit ik twisken
yn !“

3.

YN DAGONS HUS.

Yn Dagons tempel, dagen lang
Song 't folk syn dryste jubelsang,
Wjerklinkend oer 'e lannen:
„Eare, eare oan Dagon, oan ús God!
Hy makke Israels waen ta spot;
Syn helt foel ús yn hanner.“

En wylt er yn it tichthûs mealt
Fornimt de Richter 't wyld gewelt,
Heart hy Jehova smaedzjen;
Hy bidt: „O sjuch dit kweabidriuw,
O Hege, wol dit woedzjen nou
Mei eigen smaed oerlaedzje.“

En lüder klinkt yn Dagons hûs
It Filistynsche feestgerûs
Op harp en lüt en tromme.
Dêr fynt in rouwe en wrede gút

Ta nij formaek in middel út:
„Lit Simson, Simson komme!”

— Ja Simson, Simson! — falt men by,
— Hjir moat de frjemde mealder by! —
En sjuch, dêr komt de bline.....
Men ropt en skreaut, men tiert en spot:
„Wel Simson, wel, hwer is dyn God?
Hwer kinst' dyn krêft wer fine?”

Kom Simson, kom! in sankje is swiet:
Kom spylje nou in fleurich liet
Us kin dyn sang formeitsje,
Ha! bline Hear fen Israël,
Ho moai kaemst' út dyn hichte del:
Nou kinne wy ris laitsje!”

De bline — spilet.... en hy bidt:
„O God, Dy't yn 'e himel sit,
Fen Hwa't ik 't heil forwachtsje:
Jow my noch ienkear krêften wer,
Det ik hjar delslach, allegear
Dy't Jo sa spotsk forachtsje!”

God heart dat lûd, God heart dy bea;
Hy scil yn Simsons heltedea
Syn eigen pleit bisljuchtsje;
En, mids yn 't wylde feestgedrûs,
Scil Simson hjir yn Dagons hûs
Syn greatste died forrijuchtsje.

Forgetten is syn slaveeed;
Hy grypt de beide pylders beet,
— Fynt noch in lést forkwikken
Yn wündre frede yn Isrels Hear, —
Lükt den de hechte steunders gear
Det hja nei ûnder swikke.

Dêr heart men stile en bynt en posten
 skoerren,
Dêr skodzje en falle de ieuwenâlde mûrren

Forpletterjend dy minskesé.
Dêr falt it dak mei al syn tûzentallen,
Dy't neist en oer en troch inoarren falle
Mei 'n wylde skreau fen skrik, fen pine
 en wé.

En mânljue, frouljue, prysters, hegjen,
 foarsten,
Dy't Isrels God op 't grousumst húnje
 doarsten,
Hjar wachtet nou it fûnnis op hjar spot....
— En Isrels Richter....? Is by Isrels God.
 Nei A. v. ATTEN.

4.

IT FREEGJENDE BERNTSJE.

't Sike berntsje leit op bedtsje,
— 't Is yn 't holle fen 'e nacht —,
Heit en mem yn 't heidehutsje
Hâlde by hjar skat de wacht.

't Wirdt sa lûkrich, 't fjûr wier útgien,
Glimt wer op, mar waermet net;
Bûtendoar dêr reint it, reint it,
't Klinkt sa skril yn't wetterfet.

„Memke, mem!” sa kreunt it famke.
„Ja, myn skat, hwet is der oan?”
„Kin mem hwet fen Jezus sizze?
Dêr hat master 't al 's oer hawn.”

„Bern, dû moatst sa raer net prate,
Net sa nuver, fij o fij!
Dû moatst gau wer better wirde,
En wer boartsje, bliid en frij.”

„Memke, né, 'k moat stjerre, stjerre;
Hat mem noait fen Jezus heard?”

Ik moat hwet fen Jezus witte,
En fen Jezus wit ik neat!"

"Bern, o bern, o stil dochs, ljeave;
Praet sa raer net, net sa raer!"
"Memke, to, ik moat it witte;
O, ho wird ik it gewaer!"

Mem koe neat as skrieme, skrieme,
Hwent fen Jezus wist mem neat:
Och, hja hie dy heilge Namme
Oars net as in flokwird heard.

"Wit mem suver neat fen Jezus?
O, rop heit, rop heit hjir den!
Lit den heit it my mar sizze,
Dy wit fêst wol mear dêrfen."

En it stjerrend famke wachte,
Wachte op warden fen hjar heit;
O, hjar lytse siele smachte,
Smachte nei in rjucht biskeid.

Hwent hja moast it ommers witte
Ear't hja stjerre, stjerre doarst;
O, hja frege om frede, om hwet hja
Dochs fen Jezus witte moast.

Al mar wer dy skrille stimme:
"Ik moat stjerre, mem en heit,
Kinne jîm den neat my sizze,
Neat fen Jezus, net in wreid?"

D' âlders wrongen yn 'e hannen,
Skriemden lûd, fen skrik forsein;
Och, men hie ek hjarren noait hwet
Fen de Heare Jezus sein.

't Sike bern woe ek wol skrieme,
Mar for skriemen wier gjin tiid;
Hja moast omuers stjerre, stjerre,
En hja jammere yn hjar striid.

"Witte mem en heit den beide
Neat fen Jezus, suver neat?"
— 't Earne berntsje moast doch stjerre;
't Wier ta stjerren net yn steat.

"Witte mem en heit den beide
Neat fen Jezus, suver neat?
— Den scil 'k Jezus sels wol freegje:
Mûglik det Dy my wol heart!"

* *

Sjuch, nou leit hja stil to harkjen
Nei hwet Hy to sizzen hat,
Dy't in berntsje rêt en treast jowt,
As in berntsje stjerre moat.

Nynke heart it — 't binne warden
Dy't sa sêft en ljeaflik binn';
Jezus treastget better, riker,
As in mem fortreastgje kin.

Jezus nimt hjar yn Syn earmen,
Jezus nimt it stjerrend bern;
O, hwet glimket hja nou noflik:
Heare mei se nou, en — sjen!

Jezus draegt hjar tear en feilich
Troch de dûnkre deadsfallei....
Sjuch — in skokje — in inkeld snokje —
Ljeave lytse Nynke is wei.

DE SIKE KOU.

Ien fen 'e kij fen Piter Geales
Wier syklik, hwet net bettrje woe;
De fé-arts moast by 't bistje komme
Eardet it minder wirkde scoe.

De fé-arts kaem. „Hwer moat ik wêze?”
 Mar Piter sei: „Jo binn gjin bern;
 Mynhear hat leard, woloan, 'k scoe sizze
 Dat kin Jo út Jo sels wol sjen.”

Sjësa, sa tocht dy loaze Piter,
 Nou ha 'k mynhear d'ris moai to fiter.

De fé-arts wanle láns it bûthús,
 Biseach de kij do ien foar ien,
 Bitomke hjar mei gâns meneuvels, —
 Dat wier nèt yn in omsjuch dien.

Op 't lést, op 't ein fen 't lange bûthús,
 Do't hy by nûmer tritich stie,
 Do seach er wol yn ien sekonde,
 Det dit de gamle Bartle wier.

Hy joech in drankje for de sike;
 Twa dagen letter noch in kear;
 En, mei forrin fen fjouwer dagen
 Wier 't sike bist alhiel wer klear.

Mar do't Nijzier de doktersrekken
 Oan Piter prissenteare waer',
 Do lake hy net bjoustre smaeklik,
 Do seach de man mar frijhvet raer.

„'k Moast tritich bisten ûndersiikje,
 „Ryksdaelder 't stik nim ik der foar;
 „Fiif goune for de beide drankjes,
 „Dat's tachtich goune 't ien mei 't oar.”

Sa hie de bistedokter Piter
 Noch op it aldermoaist to fiter.

6.

MEM EN BERN.

„Memke, memke, slipt mem sa?
 't Is sa tsjuster en sa near:
 Kom noch efkes op my ta;
 Och, myn holtsje docht sa sear!”

Memke wachtet, memke heart
 Ho't hjar famke skriemt en docht;
 O, it docht hjar herte sear,
 Mar hja hat sa skjin hjar nocth.

„Memke, memke, slipt mem noch?
 Och, kom by my, efkes mar!
 Sjuch ho raer dat ljochtsje dounset:
 Alles spoeket trochinoar!”

Memke wachtet, eangst yn 't hert,...
 Wis, hja heart it fen hjar bern,
 Mar hja kin sa langer net,
 Kin út de eagen hast net sjen.

„Memke, kom noch efkes by my!”
 — Hark, dér is dy twang al wer! —
 „Siz my noch in moai forteltsje
 En den scil ik slipe hjer!”

Memke slipt net, memke loert
 Efkes troch it bêdsgerdyn:
 Wrot dér net in lytse foet
 En in hantsje, tear en fyn?

Is hja den in mem fen stien?
 Ropt hjar famke net om hjar?
 — Sjuch, den giet hja, ja natuerlik,
 For in mem is oars gjin kar.

„Mem, ik bin hjiir sa allinne,
 En myn holtsje bounzet sa;
 Kin mem hjiir net by my bliuwe?
 Efkes by my sitte, ja?”

„Efkes drinken?.... 't ljocht delskroeve?
 Is it skynsel dy to fel?....
 Nou is alles wer forskeuvle:
 Jowt myn famke hjar nou del?”

't Famke lústert, 't famke krúpt
 Efkes deun tsjin mem noch oan:
 „Sà moast mem fennacht my koestrje,
 Hwet wier dat for Sijke skoan!”

„Bern, dat kin net, 'k moat op bêd;
Mem is sels ek siik fen sliep.”
..... „Och, kin mem net hwet fortelle
Fen de harder en syn skiep,

En fen Joazef en fen David?
Den is Sijke gau wer soun.”
— Mem fortelt.... al mear en moaijer
En — hja hat hjar sliep oerwoun.

Stadich fierder giet de tiid;
Mem fielt hjar wol kåld en gril,
Mar hja, woun de memmestriid:
....'t Wirdt yn 't lytse bedtsje stil.

De oare deis wier 't fanke skoan;
't Seach sa bliid de keamer roun,
En hja lake yn berneblidens:
„Nou is Sijke gau wer soun.”

Foart dêr nei wier 't fanke klear,
Mar it gyng de mem to nei;
Hja hie hjar tofolle jown,
Reizge hjir mei gauwens wei.

* * *

Hearlik riist de sinne yn 't súd,
Blommen bloeije op 't âlde hôf,
Nei de himel stiigt de ljurk....
Mar in berneherte is drôf.

Nachts den woellet hja mar om
Kryt net earder fêste sliep,
Ea't, yn dreamen, mem fortelt
Fen de Harder en Syn skiep
En det Jezus, greate Heilân,
Hjar by mem wer bringe scil
En by Joazef en by David....
....'t Wirdt yn 't lytse bedtsje stil.

7.

SLAED EN ANDYVJE.

Myn búrman hat in lapke tún,
Dat leit hiel moai yn't sintsje;
Dêr bout er den syn grienten yn,
Syn woartels, koal en beantsjes.

En 't wiif en hy, hja hawwe dêr
In hiele bult fortiering;
Hja skrippe beide der op om;
't Jowt iten en forsiering.

Wis, 't wier in wûnder ho't dy twa
Hjar kreaze tún biretten.
Mar f'line maityd hien' s' op 't lêst
Ién bedtsje noch forgotten.

De man wist det syn wyfke graech
Hwet slaed mocht by hjar iten;
Hy naem, nei goed birie, 't bislút
Der slaedsied yn to smiten.

Mar d' oare deis kaem 't wiif 't yn't sin,
Der wier noch neat yn't bedtsje;
Andyvje siedde hja der yn;
Hjar man mocht graech sa'n bledtsje.

Dat wist se en dêrom tochte hja,
Dat gûd mei net üntbrekke,
Dêr scil 'k myn skoane Simen d'ris
Moai yn 'e klean mei stekke.

Hja beiden gyngen dei oan dei
Om 't spil ris op to nimmen;
En ja, it brûsde al út 'e groun
By 't heger sinneklimmen.

It slaed kaem aldersierlikst op
By greate en moaije toppen;
Mar Tjitske hâlde it spil for tûch
En 't gyng mar op in roppen.

En do't de man d' andyvje seach,
Gyng 't ek al op in skoerren:
„Dêr ha'k gjin sied fen siedde, hjer!
Sok gûd moat oer 'e mûrre!"

Sa wjudden man en wiif hjar bêst
En warden hjar mar tige.
Mar d' ein wier, det it wiif gjin slaed,
Hy gjin andyvje krike.

9.

DE FJIRTICH MARTELDERSKROANEN

„Koe Nazareths feint sà jimm' sinnen forheistrje?
En geane jim yn tsjin de Keizer en my?
Swar ôf dat gelove en bring offer ús
Goaden,
Den libje jim fleurich — den binne jim frij."

Simpronius jowt oan de fjirtich soldaten
De kar twisken 't libben by God ef by him;
Hja fiele syn driigjen, mar fêst en bisletten
Biswykt der net ien for syn grimmige stim.

Hja heevje hjar hadden en herten omhegen
Hja roppe hjar Heare om helthaftigens oan:
„O, jow oan ús fjirtich de fêstens en trouwe,
„O, skink oan ús fjirtich de martelderskroan!"

Simpronius boldert yn d' uterste woede:
„Hja wolle it net dwaen, — wol, úntschoer
hjar de klean,
Den meije de God fen de Christens hjar
hoedzje,
Lit hjar den op 't iis nei dy Krûsing ta
gean!"

Hja smieten se op 't iijsfjild — in flymkâlde nacht wier 't,

Mar mids yn 'e kjeld klinkt hjar biddenden
toan:
„O, jow oan ús fjirtich de fêstens en trouwe,
„O, skink oan ús fjirtich de martelderskroan!"

Mar ien sjucht nei 't wachtfjûr mei smachtsjende snikken,
Hy stimt net mear mei yn de martelderssang,
Hy winkt oan de wachters, hy scil him
wol skikke,
Hy fielde de dead al en 't waerd him to bang.

De krychsljue, mei blydschap om d' iene,
dy't kearde,
Hja nimme him op en hja priizje hjar God,
Hja steune 'm by 't offrjen ta Jupiters eare.....
Sa makke er de namme fen Jezus ta spot.

Dêr sit er by 't fjûr om syn lea to forwaermjen,
Mar blydschap en frede, hja keare net wer;
It fjûr fen Gods grime tonettelt syn siele,
Syn antlit forwringt al fen hel en fordjer.
De martlers op 't iis yn hjar kjeldkoartsen
stimme
Al swakker en swakker hjar biddende
toan:
„Mocht elk fen ús fjirtich genade bichelje,
Jow elk fen ús fjirtich de martelderskroan."

Simpronius sjucht ho't d' offallige yn syn
feilgens
Gjin frede, mar wroeging en wanhope foun,
Mar ek, ho't op d' iisfler in himel him
iepent:
Dêr hat it gelove oan in Jezus it woun.

Do spriek der in stimme fen God yn syn
herte,
Dy makke him krychsman in biddende
siel;
Hy seach op syn sünden mei bittere smerte,
En frege om 'e frede yn it marteldersdiel.

„O, God fen de Christens, genade oer in
súndaer,
O, sjuch yn in Heiden de boeteling oan;
D' ôffallige mist al de rěst for syn siele,
Biskik dan for my syn forsmítene kroan!”

De krychsman, úntklaeid, tsjucht op 't iis-
fjild by d' oaren,
En strak, as de sinne yn syn hearlikens
keart,
Ha fjirtich forlostsen de kroane forwirven,
It martlers gebet wier genadich forheard.

9.

DE HOANNE EN DE EIN.

In reade hoanne stapte greatsk
Hwet by syn hintsjes lâns;
Hy kraeide lûd en tochte sa:
'k Bin hjir yn folle glâns.

Hy seach, op 't kantsje fen 'e sleat,
In ein, — dy wraggle gâns;
Hy sei tsjin 't bist: „Yn't stappen bist'
In bjuster bytsje mâns.

Dou hast gjin goede master hawn
By 't learen fen de dâns,
By 't rinnen om it hirdste hast'
Fêst op in prys gjin kâns.”

It wraggeljend eitsje lake hwet,
Hy sei mar ljeaver neat,

En tocht: hwet spat dat bist dochs op —
Sà plompte er yn 'e sleat.

Mar do't er mar op 't wetter wier,
Do wied er wol hwet mâns;
Hy swom sa statich en sa flink
By reid en snilen lâns.

Poef, poef! — in jager skeat syn skot;
Hwet waerd ús hoanne kjel.
Hy tocht: dat is op my gemunt,
En — plofte yn't sleatsje del.

Dêr spartle Bokke yn't romme sop,
Mar swimme koed er neat;
En hie it eintsje him net redt,
Den hie 't noch raer biteard.

De ein kwêke: „'k Rin net bêst, mar 'k ha 't
Noch wol in bytsje leard;
Mar as in hoanne swimme scil, —
Den wirdt it suver neat.

10.

OP 'E KARMEL.

„Lûder roppe, wylder gûle!
Is den Baäl net in God?
Scoe jimm' Hear it daeije kinne
Det Elias mei him spot?
Miskien sit er djip yn peinzjen;
Mûchlik is er fier op reis;
Licht wol sliupt er, — kryt him wekker!
Is jimm' God hast ûnderweis?
Rop him oan, hy heart to harkjen,
To bislissen oer jimm' lot.
Lûder roppe, sterker gûle!
Is den Baäl net in God?”

Woest en wrimpner waerd de binde,
Fûl en fleindiger 't gerop;

Fen in wylde dwyl bifongen
 Sprongen hja by 't alter op:
 „Baäl, Baäl, tongrje in antwird!
 Tsjûgje fen dyn wis bistjûr,
 Nim dit offer ta dyn eare;
 Lôgje in antwird mei dyn fjûr!
 Jow ús mei in deadlik swijen
 By dit folk gjin skamteskop!"
 — En hja pripten hjar mei priemmen;
 Woest en wrimpner waerd hjar rop.

Blanke dei gyng oer Gods loftan,
 Ljochte dage oer berch en dal —
 Mar it prysterhert fordûnkre....
 't Fielde op komst de Baälsfal.
 Freze hûvre 'er yn hjar swijen,
 — Och hwet joech hîjir macht ef tal?!
 En de dei yn bloei fen blankens
 Sveve rank oer berch en dal.

* *

In kemelshier om skeamle lea,
 Bispot fen 't Heidens wyld gegrâns,
 Mar yn Gods krêft ta dieden mâns
 Kaem sêft Elias mei syn bea:
 „O, God fen fader Abraham,
 O, rjuchte Rêst fen Israël,
 Sjuch op dit pleit ta wierens del,
 Liz op 't gebet Jou súvre klam.
 'k Haw for Jo stien as trouwe feint,
 Ik búgje aloan for Jins gebot;
 'k Haw bodzjend iivre for myn God,
 Wylst hiel Jins folk Jins wetten skeint. —
 Jow andert, Heare, in teken, Heare!
 En lit dit folk, — fordwaerde bern! —
 De wissens fen Jehova sjen;
 Kom mei Jins fjûr ta eigen eare!"

Do hearde God Syns feinte bea;
 Do iepene Hy Syn himelseale.

En troch de loften skrankte it rea,
 In wjerljochtsfjûr mei sterke preale.
 En troch de wolkems kleau Syn swird,
 En oer de widen dreau Syn wird;
 En fen Syn hege himeltroane
 De Majesteit fen tonger droane.

Do raende it heilich wjerljochtsfjûr
 Dat offer, hout en stof en stien.
 De gave wier ta segen gien,
 Elias' God koe d' ûngod oer.

De prysters skrilden fen hjar lot,
 De wanhoop stie yn't skriljend each.
 Mar 't folk, dat God yn't wûnder seach,
 Moast sizze oer syn forsmytne skat:
 „De Heare is God! de Heare is God!"

11.

IT DJURE MIEL.

Sjouke woe it der ris fen nimme. Hy liet
 him yn 'e herberge in goed miel iten sette
 en bistelde der in aerdich rêtje seane
 aeijen by.

Mar do't it oan 't biteljen ta kaem, houde
 hy de kastlein de lege jildpong foar.

De kastlein tocht: Dêr scil ik dy wol for
 krije, en hy stjürde Sjoukom in rekken,
 dy't oan kneppele.

Dy wier sà ynpikt: safolle aeijen, dêr
 koene safolle piken út komme; dy piken
 waerden hinnen en dy leine wer aeijen, en
 dêr kamen wer piken út, en dat waerden
 wer hinnen, en dy leine wer aeijen en dêr
 kamen wer piken út en dy waerden wer
 hinnen en dy leine wer aeijen, ensf. ensf.,
 det it waerd in rekken, der wier gjin bitel-
 jensein oan.

Sjouke wegere den ek perfoarst om sa'n

opskroefde rekken to foldwaen; en do smiet de kastelein de saek foar de Rjuchters, dy't mei de earste sitdei de easker yn 't gelyk stelden.

Do't it fūnnis falle scoe, kaem Sjouke krekt in ûre to let op it toaniel. Strang frege de rjuchter him: „Hwerom binne Jo sa'n stik to let?”

„Ikke”, sei Sjouke, „ik moast earst beane siede, dy't ik sette wol.”

„Domme boer!” waerd him to halden jown, „wolle seane beane den waechsje en fruchten jaen?”

Mar Sjouke sei: „Domme rjuchters! kinne út seane aeijen den piken komme?”

12.

BEPPE EN BEPPESIZZER.

„Beppe, hwet krij ik fen Beppe
As ik nei skoalle ta kom?”

— Den krijsrou in draek, en de loft giet
er yn
Fier boppe de minsken, by rein en by wyn;
Dou witst wol: sa'n kleurgen mei giel en
mei rea;
Dy krijt er fen Beppe, hear Wouterkelja'.

„Beppe, hwet krij ik fen Beppe
As ik myn Bilidenis doch?”

— Den krijsrou in slot mei in dûbele kaei:
Hwent faek stiet ús bernefortrouwens
sa faei;
Hwent, jonge, op dyn siel loert it kwea
ta dyn skea;
Dy moatstou goed slute, myn Wouterkelja'.

„Beppe, hwet krij ik fen Beppe
As ik ris trouwe scil?”

— Den jow 'k dy in girdle mei side
en flewiel:

Dat timpert de twang fen dy bân
as fen stiel;
Dy skeakels, earst losjes, hja knipe
oars dy rea:
Dat moatstou net fiele, myn Wouterkelja'.

„Beppe, hwet krij ik fen Beppe
As ik ris Pake wird?”
As ik ris Heit wirde mocht?”
— Den jow 'k dy in boekje, dêr fynst
yn biskreaun
De súnde yn dyn jeugdige dagen bidreaun;
En as dy sa tsjinstiet dyn berntsjes
hjar kwea —
Lêz den yn dat boekje, myn Wouterkelja'.

„Beppe, hwet krij ik fen Beppe
— Den bist' al, myn jonge, sa áld en
sa mèd,
Mei 't libben bitroud en it libben sa sèd,
Den gietst' nei myn grêf en dêr tinkst'
mei in trien
Oan 't goede, troch Beppe oan hjar
Wouterke dien.

13.

IT WERKENNEN.

In ambachtsman, mei de stôk yn 'e hân
Kaem wer werom út it frjemde lân.
Syn hier wier forgrize en fordûnkre
syn kleur;
Hwa scoe him noch kenne as alear
yn 'e fleur?
Hy komt yn de stêd by de poartedoar
De wachter stiet smokend en pratend
der foar.
Dy wachter! det wier noch yn 't foarge
syn frjeon,
Hwet hien' se togearre wol fiten bidreaun!

Mar sjuch, Piter Steffen, syn frjeon
fen alear
Hy koe dizze dûnkere reizger net mear.
Nou pandert er fierder mei koarte groet
En skoddet it stof fen syn warrige foet.
Dêr sjucht troch it finster in froumins
him nei,
Hy groetet, útlitten mei 'n fleurich:
„goënde!“
Mar wier ek dat froumins *syn* fanke alear,
Frjemd wierd er hjar warden — hja ken
him net mear!
Hy preuvelt: „hwet falt dochs dy strijtte
my lang!“
In trien drupt him del oer syn brune wang.
Dêr komt in âld minske! hwet ken s' im
noch skoan!
Ién útrop, ién blidens: „myn bern,
myn soan!“
Ho sterk ek forgrize en fordûnkre fen hûd
De *mem* ken hjar *soan* op it *earste* lûd.

14.

DE WIERSIZZER.

It reinde, en 't folk fen 't steechje
Hokke yn 'e trochreed gear;
Hja praetten en hja swetsten
Oer 't nou en oer 't alear.

Oer lytse en greate wûnders,
Oer hynsders en oer kij,
Oer spoeken en oer tsjoenen
En oer wiersizzerij.

„Ik kin ek wol wiersizze“,
Sei lange Pier tsjin Klaes;
„Dat wol ik wolris hearre“,
Sei dy, „den bist' in baes“.

„Goed, ast' nou aenstouns daliks
In set nei bûten gietst,
En 'k sjuch dy net, den siz ik
Dochs krekt hostou der stietst.“

„Dat 's goed“ sei Klaes, „mar Sjoerd moat
Mei as getuge gean“.
En bûtendoar, der gyng er
Op syn tabaksdoas stean.

„Dat ret er noait, scoe 'k tinke,
Al wirdt er hûndert jier.“
Sei hy tsjin Sjoerd; do baltte er:
„Nou bin 'k al klear hjer Pier!“

Dy spriek: „'k scil't dy fortelle
En yn in koart bistek:
Dou stietst dêr yn it reinen
Krekt as in greate gek.“

15.

DE LIJENDE.

Hwa hat dat ivich Wird, oan Isrel sein,
fornommen?.....
Hwa hat him nei de heechste kréft
bijown?.....
Hy 's as in twiichje foar Gods each
omhegens kommen,
Allyk in woartel út in toarre groun.

Him siere glâns noch kréft, in flues laei
oer Syn eagen;
Misfoarme wier Syn antlit, lea en stal:
Wy kearden ringen om by 't skôgjen fen
Syn pleagen;
It wearzge ús om Syn siiktmen en forfal.

Foracht, forsmade en slein, ûnweardichste
ûnder minskен

Kromp Hy, de Man fen smert, yn 't lijen
gear,
Wier Hy forstaet, gjin noch, gjin doel
mear fen ús winsken;
Wy húvren for Syn siiktmen en Syn sear.

Foarwís, Hy moast ús kwea, ilinde en
pinen drage,
Hy naem de lést, dy't op ús sielen woeg;
En dochs — wy mienden dat Syn Wézen
God misháge,
Det God Him drukte en nei fortſjinsten
sloech.

Lykwols, 't wier om ús kwea, ús
úngerjuchtichheden,
Det Hy, de Heilge, ta forbriizling foel;
Dat Him de deastríid trof, bringt ús de
sielefrede,
Syn strimen meitsje ús wounen séft en
koel.

Wy doarmen yn it fjild as skiep dy't fier
forteagen
Blyn for Gods ljocht, dat rjuchte paden
wiist;
God laedde op Him de skild sadet foar
súndaerseagen
Ta romme baen in nije dage riist.

Hy liet Him ta de straf as stille folgling
bine,
Ré for de slachtpleats as in dildich laem;
Hy scoe Him nea oan dea ef helledjipite
úntwine,
In skiep, allyk, dat men de wol úntnaem.

Hwa wit Syn folk, Syn dei? — Hy waerd
úntskeerd fen de ierde,
De Heare snie Him by de libbnen wei;

Hy, Sûndeleaze, moast mids yn Syn
jiernen skiede,
Hy Boarch for 't folk, joech ús de
libbensdei.

In gréf — hja joegen 't Him by súndaers
en by tsjoeden;
Dochs — Hy wier by de riken yn Syn dea,
't Wier om't Hy fést en trou rjucht
tsjúgnis joech fen 't goede,
't Wier om't Hy rein in grouwel hie fen
't kwea.

Det Hy forbriizle waerd wier nei Gods
heech bihagen;
Syn siiktmen wierne as balsem yn dit lân;
Mar nei Syn offerdea forlinget Hy de
dagen,
Sjucht Hy Gods wirk foleindige yn
Syn hân.

Om't bodzjen fen Syn siel scil Hy rjucht
freugde smeitsje,
Dér't Him bidroch, únrjucht en 't kwea
mishaegt,
Scil, troch Syn lear, Hy 't folk
rjuchtfeardich meitsje,
It folk, hwaens skild Hy op Syn skouders
draegt.

Dêrom scil 'k Him ta treast mei 't rykste
lean bidiele,
Det elke macht syn skat Him bringe
moat; —
Om't Hy for Isrels kwea ta offer joech
Syn siele,
Om't Him, by moardners teld, gjin
ljochtbláns mear bistriele,
Om't Hy ús sünden droech, for súndaers
bidden hat.

16.

DE TRIEN.

It rypte gâns, in blomke kwoun
By 't maityd ier yn kâlde groun,
Syn teare bledsjes stiene yn swym,
Bidtsen fen de wite rym.

It blomke bûgde it kopke del,
Dy kâlde sigen pripte fel!
O, kaem net gau de blide dei
Mei sinneskyn — den stoar it wei.

Dêr kaem Marije yn djippe rou,
Hja, sûndaresse tsjin de trou;
En, drôvich om hjar djip bidjér,
Seach hja it kwinend blomke dêr.

„O, blom, myn sûnde weagt my sa;
Ik bûg me as dû nei de ierde ta,
Mar ik lit om myn skild myn trien,
En dû, dû haste neat misdien.”

Do foel se del, birou yn't hert,
Do skriemde se yn hjar felle smert:
„O God, myn God, forjow, forjow!
Sjuch, ho't ik om myn sûnden rou.”

It herte sloech hjar near en bang;
In hijtte trien glied oer hjar wang,
Dy foel op de biférzen knop:
Do stiek it blomke it blêd wer op.

De bliere sinne glimke fyn
En boartlik kaem de sudewyn;
Do seach de blom, fen 't iis úntdien,
Sa frjeonlik nei dy fallen' trien.

Dat sterke de earme vrou it hert;
Dat wier in antwird op 't gebet;
It blomke bloeide yn ljochte dei;
Marije glimke hearlik mei.

Hwet wûndre krêft fen de inkle trien:
In blom hat wer to pronkjen stien,
In blom bloeide op yn't sleine hert:
Sa hat in trien dy beiden ret.

17.

IT UTHINGBOERD.

In hospes, net follein fen wizens frij to
pleitsjen,
Untbead in skilder om in úthingboerd to
meitsjen;
Dy sei: „Ho woll' jy 't ha, hwet moat der
op, mynhear?”
De man spriek: „Sa en sa, en mids op 't
boerd in bear
Boun oan in grouwe peal mei 'n tou, in
stevich eintsje.”
De skilder sei: „In tou for sa'n forskoer-
rend feintsje?
In keatling moat er oan; hwa lei in bear
oan 't tou?
Dat byt er gau kepot, den giet er, rûts!
op sjou!”
„Hwet ?” sei de liepe man, „scil my in
farfkwast leare?
Ik siz fen oan in tou, en dat scilstou net
keare!
En nou mar gau oan 't wirk, gjin wize
praetsjes mear,
Ef 'k rop in oarenien ta 't skildrjen fen
myn bear!”
„Goed,” sei de skilder, „'k scil jo mei in
tou bihage,
Mar hwet der nou fen komt moat jo de
spot fen drage:
'k Ha myn bitinken sein oer dizze skil-
derij !”
„Wis,” sei de herbergier, „'k nim alle skea
for my ;

Hwa gek scoe nou om my ef om myn bea-
ren laitsje?
Jo moatte it nei **myn** sin en net nei **jowes**
meitsje!"

De skilder skildert — 't is him allegear
wol klear! —
It tou mei oalje en moai mei wetterfarve
in bear;
Hy lit dy wiisnoas strak ris moai yn't
sintsje sitte,
Dy bearen aan in tou scil hy ris dounse
litte.
Op 't lëst: 't wier ré, — 't kaem thús, —
men priize it als om striid,
Us snoade herbergier wier as in bern sa
bliid!

Dêr foel dyselde nachts in heftich tonger-
goatsje;
Do gyng de wetterbear hiel deftich nei syn
groatsje;
Men seach dy moarns nei 't boerd; de hiele
bear wier wei.
De skilder waerd ûntbean; dy spriek:
„Hwet ik jim sei
Is wol folslein sa komd, dy bear is fen 'e
sokken!
Hie hy oan't keatling lein, den wierd er net
fortrokken!
Dat tou is losskoerd troch dy woestling fen
in bear;
Nou is er foetsy, man! dit is in goede lear!"

18.

AS IT LJOCHT WIRDT.

Nou is it hielendal tsjuster.
Tsjuster om de sike hinne; hy is ommers
blyn; en tsjuster is it ek yn syn herte.
Nearne wit er mear in útwei.

De sister bisiket om him to treastigjen.
Hja fortelt, det de dokter it nochris bi-
siikje scil mei in operaesje, moarn daliks,
en det der noch wol hope is.

Mar hjar praten jowt neat. Opstânnige
wirden binne it biskie. Hy hellet de hinnen
ûnder de tekkens wei en rôllet dy ta fûs-
ten op.

En foart dêrop lit er dat pynlik kreunen
wer hearre, dat hjar al faker troch ieren
en sinen gyng. Al dûdlicher fielt hja: hjir
is mear as lichemspine.

Mar hja wit ek it middel for de syktme-
fen 'e siele. Hja hellet hjar Bibeltsje út 'e
bûse en lëst dêr út foar mei hjar meifiel-
lende klankrike stimme, hjir en dêr hwet
wei, wirden fen 'e Heare Jezus, oer it
sêfte jûk en de goede Harder en de wyn-
ranken. As hja it boekje ticht docht, seit
hja: „Scille wy bidde, Japik?"

En den nimt hja dy oprôle fûst yn beide
hinnen en hja siket yn in ienfaldich
smeekjen, lyk in bern by de heit, forbining
mei de grote Dokter, Dy't ek troch de
syktme fen it lichem de siele soun meitsje-
kin, en hja bidt, det dizze feint ienkear
sizze mei nei it lichem en nei de siele:
„Ien ding wit ik, det ik blyn wier en nou
sjuch."

En den lit hja syn hân wer los, leit syn
kjessens to plak en lûkt de tekkens oer
him hinne. Mar mei ien slach smyt hy
alles fen him ôf, syn hân rollet er wer ta
in fûst: it oanstsene fjûr fen 'e helle barnt
en lôget fûl yn him op, mar it fiûr fen 'e
Hillige Geast, dat de sûnde earst bleatleit
en den suvert, barnt dêr tsjin yn, al kréi-
tiger, it hirde herte tobroazelet..... de
revolúsje is bigou.....

En yn dizze revolúsje bilibbet hy ek de
wrâldrevolúsje, der't hy fen lêzen hat, en

dy't hy útbylde sjoen hat yn 'e kranten,
dy't syn kammeraten op it febryk him yn
'e hadden treaun hawwe.

Mei syn bline eagen sjucht hy it printstikje oer Jezus, de earme timmermanssoan, dy't súnder in beurs to winnen en súnder stúdzje oan in unifersiteit it safier brocht hie, det hy in kroane krike en stjerre mocht for al dy gelearde „kristenen”, dy't der sa op tsjin wierne, det in earme in beurs krike.... en den stie de únderbaes foar him en hy sei: „It is yn it bilang fen it proletariaet, Japik!”.....

Mei syn bline eagen lëst hy wer it spotwirk wer: mannen yn 't swart, geastliken, op in great plein tsjin in mûrre oan en derfoaroer de gewearen yn oanslach: „Godtsjinst is opium for it folk”, en as hja deasketten binne, seit de únderbaes: „It is yn it bilang fen it proletariaet, Japik!”.....

Hy sjucht de plaat wer, dêr't de Christus oan 't krús slein wirdt mei de soldateklean oan en dêrunder it skrift: Eli, Eli, Lama Sabachtani”, en wer seit de únderbaes: „It is yn it bilang fen it proletariaet, Japik!”.....

En den raest hy it út yn syn deads-eangstme: „Blyn, for ivich blyn! Forlern, for ivich forlern!”

De sister stiet by him. Hja hâldt syn holle kåld en wisket it swit, dat op dy reade plakken wol bloed liket, fen syn antlit.

Mar de wiere Christus forskynt ek oan him yn 'e ljochte klean fen de Wrâldforwinder, en hja komme yn greate keppels efter him oan, de minsken út syn omkriten, dy't hy bispot hie mei de namme fen finen, syn heit en mem en broerren en sisters en folle minsken út syn doarp; Ijue, dy't hy as sukkels oansjoen hie, dy't knibbelen

foar de boeren en de greate mynhearen, en dêr binne ek fen de boeren en de greate mynhearen by, mar op hjar antlitten is neat gjin hegens mear to sjen..... Der binne greate kloftsen, bikenden en únbikenden, en hja folgje allegearre de Man yn de ljochte klean, dy't it krûs draegt en Hy seit: „Yn dit teiken scille jîm oerwinne.”

En Japik stiet fier ôf en hy rint om by hjarren to kommen en hy ropt oan Bauke en Tiede, de feinten, dy't him yn't foarige it goede oanretten, mar hja hearre him net; hy falt en wol wer opstean, mar hy kin net mear, en as it Krûsleger fierder giet, komt it fen syn lippen: „....en forjow my — myn — skilden, lyk as ik....”

Den kriget de Man yn ljochte klean him by de hân en lûkt him omhegen. Hy stiet op en giet nei syn heit; hy is mids yn dy keppel.....

Mei in swiere suchte falt Japik yn 'e kjessens.

Den wirdt it stil.

De sister búgt oer him hinne en leit him to plak. Hja hat syn striid oanfield, al kin hja dy net yn al syn freeslikens witte.

Den docht hja de gerdinien iepen en de lampe út, hwent it is ljocht worden en hja merkt, ho't de nije moarn komt.

Lang stiet hja to sjen en to tinken, oan't de earste strielen fen 'e sinne de huzen om hjar hinne yn heger ljocht sette.

Den giet hja wer nei hjar plak by it bêd. De greate switdrippen steane noch op syn foarholle, mar hy sliept nou rêtisch. As hja se weifaget, freget se yn hjarsels: „Scoe hjir de sinne ek opgien wêze?”

En hja fielt yn syn rêtigens de hope op in goed antwird.

Nei W. CUPERUS.

YN 'E BRANKAST.

Frans Blank kaem de strjitte op yn fleannende feart,
— Hwet snúfden syn hynder en hy! —
De minsken, hja spotten fensiden op 't
gaust,
Hy fleach as de reek hjar foarby.

Flak by it kantoar fen de brânassurâns,
Dêr wier 't mei in wylde rok : stop!
Sà rimpent Frans — ear't er erch der
yn hie,
Floep! fleach oer de skimmel syn kop.

Wier 'r heal yn 'e sûs, — hy wier hommels
oerein,
Sloech, klits-klets! it stof fen syn broek;
Roun hastich 't kantoar yn en sei tsjin de
klerk,
Dy't kwattle mei sifers yn 't boek:

„Mynhear, ik bin hjir om myn hûs en myn
stâl
By jo yn 'e brânkast to dwaen.
'k Haw heard: as mynts ôfbarnet, det jo
my den 't jild
Dêrfoar yn 'e hân ha to jaen!”

De klerk skriuwet mar troch, hy sjucht net
ien r's op,
Wylst Frâns der sa himet en blaest.
„Mynhear!” ropt er wer, „help my gau,
asjeblieft,
Hwent ik haw in fleanenden haest!”

„Mar, man,” seit de klerk, „ho sa rimpent
en koart?
De dei is ommers noch lang!

Jou hûs rint net foart en docht it dat al,
Sjuch den det jo it wer fang!

'k Haw hjir in kreweike for noch in kertier.
Hâldt jo jy salang mar ketoen.
Is aensloun myn driuwenste wirk hwet
aan kant,
Den praet ik mei jo mei fetsoen.”

„Né, man!” ropt wer Frans, „ik haw suver
gjin tiid!
'k Haw jage as de Bisskop fen 't lân!
Jo moatte myn hûs asteararje en op slach:
It stiet al in ûre yn 'e brân!”

YN DE ALDE WENTE.

Yn de âlde wente hûzje de âlde minsken,
Yn de âlde wente oan iensme polderwei;
Fier fen 't geflean fen jachtich-iidle
minsken
Gean hja hjar dimmen paed op de âlde dei.

It libben joech hjar fen dy stille wille
Yn 't lyts bidriuw fen 't irven âlders hûs;
Hjur hawwe alear syn earste lûden trille,
Hjur woechs er op by stiltme en by gerûs.

En de âlden wierne gien yn dûnkre kiste
Nei 't jinsne doarp by de âlde froede toer,
— In parsjend wicht, dêr't hy sa swier
oer riste —,
Do by syn faem woun hy wer rêt en dûr.

Hjur libben hja sa blier fen hert en wangen;
En 't jonge libben song yn nije leat by leat,
En 't jûble omheech yn biizge bernesangen,
In segen nûndre fier oer fjild en feart.

Do nei in macht fen bliid útsketten jierren
 Takke de nocht yn d' âlde went wer ôf;
 Dy't kommen wierne gyngen nei 't
 omfierren
 Yn drok forweech fen lûd, fen bliid en drôf.

En hjoed is 't Snein. Stil op 'e bank
 by 't sketsje
 Stoarje dy beiden fjild en fierten yn;
 Yn 't each leit glâns fen 't wûndre
 heimnis fetsjen,
 De djippens fen neisimmersinneskyn.

Nou tinke s' oan de yn tank forgiene dagen;
 It blomtún, de eskenbeam, de spoarge wei,
 De griene klimmer en de flearehage:
 It lûstert alles de âlde dingen nei;

It seit sa séft fen 't libbensmoaije en
 't hege;
 It ljuentet treast for 't leed dat oer
 hjar kaem,
 Dat simmernocht ta skrouske hjerst forlege
 En blide blommen út hjar finster naem.

Mar mids de rûzing woun hjar siel de rête,
 Woechs in blank lok: it joech hjar
 herten moed
 En wijng oan hjar libben; 't ivich fêste
 Waerd hjar de soen oer 't kwea
 yn Jezus' bloed.

O, 't wier dat wûnder, 't gean fen
 Goades winen,
 Yn kommen en forweech net nei to gean,
 Dat mids de nacht it ivich heisljocht finen,
 Hwa scil it Godswirk yn 'e minske
 rjucht forstean?

Dat Godswirk glimke yn âlde, fredige
 eagen;

Dat heilswirk joech hjar moed yn
 skerpe striid;
 Hjar went bleau fêst mids wyn en
 hirde fleagen
 En 't makke hjar sa rêtich, stil en bliid.

— Wy mochten deun by Heilân Jezus
 wêze:
 Hy stie for ús sa hillich soargjend noed;
 Wy mochten yn Gods wird Syn ljeafde lêze
 En fielden al Syn ljeavjen oan ús moed.

En as wy gean nei rêt fen blider dage,
 Nei de iivge nocht fen 't ûnbidoarne jier,
 Scill' wy it skieden út ús wente drage,
 Al falt it gean fen de âlden kritten swier. —

Yn de âlde wente teagen âlde minsken
 En liezen stammrjend út it âlde boek
 Oer 't hillich Laem, de rête sen hjar
 winsken.

— — — De stille sinne patte it waerme
 finster;
 Do wier 't eft fen Gods himelstêd
 in glinster
 Sa ingleséft oer minsketroanjes loek.

21.

DE DROPKES.

Der kroasken trije jonges
 Nei in drogistesaeck,
 Hja woenen nob-gûd keapje
 Elk nei syn eigen smaek.
 Dér kaem de baes oantrippljen:
 „Hwet blieft dy?” frege er Klaes.
 „'k Woe foar tsien sinten dropkes
 Wol fen Jo keapje, baes.”
 En Gearbaes helle in ljetter.
 De doas stie heech en droech,
 Dér bleau de drop sa lekker,

Howol't syn lêsten joech.
Mei switten en geskarrel,
Dêr pakte Geart de doas,
Holp Klaes, brocht do de lqedder
Wer op syn plak: „En Koas,
Hwet moast hy hawwe jonge?”
„For tsien sint drop mynhear!”
„Koest' dat net earder sizze?
Nou moat ik noch in kear
It hiele spil forsjouwe;
‘k Haw ljeafst gjin grappen mear.”
En nochris op ‘e lqedder
Stie ‘r mei syn doaze klear
En rôp dêrwei nei ûndren
In bytsje likt tsjin Jan:
„Moast' ek for tsien sint dropkes
Siz ‘t my mar daliks den!”
„O né mynhear!” wier ‘t antwird.
Do kaem de baes wer del
En sette de âlde lqedder
Op ‘t âlde plakje del.
„Nou kin ‘k den Jan bitsjinje;
En hwet wier syn bigear?”
En iiskâld sei it baeske:
„For siif sint drop mynhear!”

22.

IT OFFER.

Jong menke skriemt droevich en ‘t berntsje
 sjucht blier....
It moantsje stiet blank oan ‘e himel dêr fier
As nûndre se sêft mei in stimme dy’t sei:
„Och earme, hâld op mei geskriem
 en geklei;
O sjuch yn it ljocht fen ‘e stjirren dyn rêt;
Is de ierde fol jammer, Gods trouwe
 stiet fêst,
De trouwe fen Him Dy’t dyn
 wrakseljen sjucht;
Hy wit fen dyn leed en telt idere sucht.

Jong menke skriemt droevich en ‘t berntsje
 sjucht blier
En aeiket hjar Lyske, hjar ljeavling
 oer ‘t hier;
Hja jubelt: „O mem, hwet in sierlike pop!
It hoedsje, hwet sette ik dat kwierich
 hjar op!
Hwet hat se hjar kleantsjes nou kreas
 yn ‘e ploai;
Och memke, to sjuch ris, hwet sit se dêr
 moai!.....
Mar mem, ‘k bin sa raer, ‘k ha sa’n hûnger,
 och jow
My ‘t iten, — den sliep ik — och memke,
 to gau!”

It moantsje waerd wei en de loft waerd
 sa skier.....
It andert oan ‘t bern foel it memke sa swier:
Hjar treau hjar Marijke oan ‘t
 klopjende hert;
Dêr snikte yn hjar binnenst in
 polskjende smert,
En beevjende skriemt se: „‘k Ha neat mear,
 myn ljea’
Gjin grisseltsje molke en gjin
 krûmeltsje brea.
Och, kaem der dochs útkomst! ik wit my
 gjin ried;
O, God yn ‘e himel, ‘k forgean fen fortriet!”

Hja skriemde sa bitter, hja bidde
 oan ‘e Hear;
Hja frege nei rêdding, mar hope net mear;
Hja hie al sa wachte, hja smeekte sa lang:
Hjar lot wier to droevich, it waerd hjar
 to bang;
Hja hûvre tobek for de kommer fen moarn...
En ‘t berntsje kroep deun tsjin hjar
 memkeljeaf oan,

En frege sa droef, sa oandwaenlik
om brea.....
O freeslik dit lijen, mear erch as de dea.

De sinne kaem op mei in goudene gloed;
Forriizge út syn sliep mei in jeugdige moed
Forspraette er syn flammen fen goud
en fen rea
Ta bloei en fornijing oer 't heuglike gea. —
Mar efter de doar fen it somber gebou
— De Loemet — is oars net as lijen en rou;
Dêr hokket it sjofele folk op in bult
As bielden fen wanhoop, fen kommer
en skild.

Dêr efter 't loket stiet in iiskâld mynhear;
Biwend aan de ilinde, fornimit er 't
net mear,
Dat droeve geklei ef dy haetlike tael;
Hy 's altyd deselde, sa heech en igael:
„Gedild mar, hjer minsken, hâld op
mei 't gekring, —
Nim dat mar wer mei, wy kinn neat mei
sa'n ding,
Dat 's gûd for 'e fodkoer... acht stûren
dy doek.....
In skelling dy sjael... nou, in kwartsje
dat boek.”

Sa giet it mar troch by dat freeslik loket;
Hja witte it foarút wol, it helpt hjar
dochs net,
Doch stekke se heftich de meagere hân
Nei 't koarelsje jild for 't forslitene pân;
It dierber bisit út in bettere tiid,
Men brocht it hjir hinne nei dagen
fen striid;
Forkeapje?.... dat mocht net.... dat gyng
hjar to nei.....
Sa gyng 't nei de Loemet.... foar altyd
is 't wei!

Hwa skout yn dy kliber 't loket neijer by?
In meager lyts famke!... „och, romte for
myl!”
Dy minsken, al ha se 't fetsoen oars forlern
Gean nou dochs oan kant for 't
oanfallige bern;
Mar hy oan 't loket hâldt syn kâlde manear:
„Soa fanke, hwet woste?” „Hwet sinten
mynhear”.
„Né bern, dou wost snobje!” Nou is 't hjar
to slim,
Hja snokkert yn wanhoop: „k Freegje
iten for mem”.
„Soa? iten?.... nou, lit my dyn pân den
ris sjen!”
Al banger yn 't leed stiet dêr
't skriemende bern;
Neat kin hja mear útrje — mei beeijende
hân
Teart se iepen hjar skelkje en toant nou
hjar pân.....
— En allegear stean se forslein by 't gefal
Hjar Lyske, 't ljeaf popke, hjar ien
en hjar al,
Hja rikt it him ta en hja snikkert al mear:
„Och lien me op myn popke in goune,
mynhear!”

De man mei dat iiskâld gesicht stiet
ûntdien
En fielt yn syn eagen in baernende trien;
Stom sjucht er nei 't bern en 't klinkt
noch yn syn ear:
Dat smeekjende freegjen: „in goune
mynhear!”
Hy sjucht mei ûntroering nei 't
jammertafriel,
Dit offer fen 't berntsje... en 't snijt troch
syn siel:
In ingeltsje bringt hjir hjar heilichste skat;
Is hjir om to helpen gjin ropstim fen God?

Hy sjucht ho't se de eachjes nei
jildlaedtsje draet
En wilens hjar Lyske oer 'e krolderkes
aeit;
„Né bern!” ropt er lûd, „dou hâldste
dyn pop!
Dy goune?... hjur is er! hâld 't hantsje
mar op!
Gean gau nei jimm mem ta en siz 't hjar
fen my:
'k Scil helpe! 'k scil soargje for hjar
en for dy!”
It bern stiet forslein, hja bigrypt it net mear
En stjittert allinne: „O.. tankje... mynhear!”

Hja júblen it út yn dat dûnkere hûs,
En brochten it berntsje yn triomf nei
hjar klûs;
Mem hie al forgees om hjar ljeavling
dér socht;
En do't men dy heuchlike tiding
hjar brocht,
Do skriemde se triennen fen blidens
en tank,
Do kaem oer hjar lippen in triljende klank:
„Marijke, myn ljeavling, hwet makkest
my ryk;
O, berntsje, ho bistou Gods ingels gelyk!”

23.

DE WAERME DEI.

Op in middei ried in auto
Fen Nijwier nei Dokkum ta;
't Wier bysûndre near en drukkend
En de sinne baernde sa.

Yn dat tweintich-ieuske rydtúch
Rieden njuggen minsken mei;
En hja oefnen en hja eamlen:
„Men forraent hast op sa'n dei.”

Neist in jong en swetsrich feintsje
Siet in únderoffisier,
Njunken him in stevige Oastman,
Dêrfoaroer in rintenier.

Efter dy in hynstekeapman,
Lûd fen warden, gleon fen sjen,
Njunken him in soarchsum memke,
Mei in fjouwerjierrich bern.

Flak foar 't memke in hannelsreizger,
Yn syn sprekken tige rôd,
En dér nêt in toarre beppe,
Yn hjar praet noch fiks en glêd.

Dér wer neist in boargerjiffrou,
Yn 'e pronk mei lint en flint;
Ta bislút in moadepopke
As in C. en A.-ske print.

„Gleon is 't,” spriek 't mynhearke deftich,
Draeide 't snorke nei de swier;
„Och, hwet moat in minske switte,
't Kint my suver út it hier!”

„Wis,” sei de Oastman stûf, mar weardich,
„'t Is in danich gleone dei;
't Is in waermte as yn de Oastynjes,
Ja, in minske raent hast wei!”

„Wis, 't is waerm,” spriek heech de jild-
En syn hals siet stiif yn't wyt; man,
„'t Is dochs léstich mei dy waermens;
Mar ús kleijen jout gjin byt!”

„Stel jy foar!” seit nou de krychsman,
En hy wisket mei syn doek;
Hâldt den wer de pinken deftich
Op de naden fen syn broek:

„Stel jy foar, 'k ha r's yn sa'n hjittens

Fifel üren efterien
Mei myn seksje yn 'e smoute
Fen in skilderhúske stien!

En do moasten we ekstersearje
Troc dat glûpend gleone sân!
Al ús jasseknopen raenden
En myn kuch stie yn 'e brân!"

„En ik wit noch," sei áld beppe
Mei gâns áldewiif-gebear,
„Det 'k in aei yn't hijtte sân lei:
't Wier yn twa minuten gear!

En de mosken foel'n by tropkes
By it dak del op 'e groun!
'k Wier de moarntyds hûndert tritich
En de jouns mar hûndert poun!"

„Nou mar," sei de hynstekeapman
Op syn hege rûzjetoan,
„Nou mar, beppe, hwet jo sizze
Dat is noch mar deagewoan.

Och, jo stimper, jo wirde álder,
Dat fornim ik oan jou praet.
Ik haw al r's in dei bilibbe
Do hie 'n hynder sels giin skaed!

'k Wier op paed, ik woe hwet skûlje
Efter hynstebeest: sjêdér!
O, dy freeslik gleone sinne
Skynde er dwers troch hinne, hjer!"

„Mem," sei 't fjouwerjierrick jonkje,
En hy loek mem oan 'e hân,
„Rekket mei dy gleone sinne
Nou myn knyn ek yn 'e brân?"

„Né, myn baeske," treaste memke,
„t Falt noch wol in bytsje ta.

Mar 't is wier, 't is gleon en brandich,
'k Woe wol graech hwet drinken ha!"

„Ja, hawar," spriek rôd de hânler,
„It bigjint yen net to gean:
Ik siz, mei sa'n gleone middei
Moat der al in súpke op stean!

Alle dagen moat ik reisgje,
Det men krijt it suver wei;
Nou, in skoane hertsforsterking
Past yen op sa'n hijtte dei!"

„Och," sei nou de boargerjiffrou,
En it minske suchte er oer,
„Och, hwet skynt dy sinne glindich,
Wel, men wirdt dochs glêd oerstjûr!

En hwet glinstert dy betonwei:
'k Kin út d' eagen hast net sjen;
As dat sa in setsje dûrre,
Hie ik gau 't gesicht forlern!"

En sa prætten se allegearre
Oer 'e gleone sinneskyn;
En sa ried dit treflik selskip
Ta dat âlde Dokkum yn.

Mar dat iene stiif portretsje
Mei hjar siden himdtsjebluf
Dych oars neat as búndoekwappjen,
Sei oars neat as hyltyd: „Pf!"

Binne jim by myn forteitsje
Nou ek al in bytsje suf?
Wel, den siz jim mei in knikje,
Op it ein fen dit myn stikje:
— Pf! —

DE FROULJUE NEI 'T GREF.

Hja geane yn 'e riizjende moarntyd
De forlittene strijitten láns;
Der hinget oer fjilden en hagen
It Geheim fen in wündere gláns.

Dochs sjugge se neat fen Gods himel,
Hwent hjar earen binne fol fen 't gerús
Fen flymjende en freeslike warden
En de spot by Pilatus syn húus.

Hja geane, mar sterk foar hjar eagen
Is de twang fen dat moardzjende krús;
O, wei is de Master en Heare;
O, ho leech is hjar hert en hjar thús.

Hja dûke sa djip yn hjar mantel,
Hwent hjar lea binne huvrich en gril;
Hja prate sa séft en ynfieren,
En de wei leit dêr iensem en stil.

Hja hiene sa'n hope op in Heilân,....
En hjar Jezus foel wei yn 'e deal! —
Dér stiet noch it krús op 'e heuvel;
O, dat krús yn it moarntydske rea!

Dochs — waerd Er yn Isrel ta skande,
Yn hjar herte is noch Jezus de Hear;
Hja bringe Him balsem en salve,
En hwet kinne dy skrutenen mear?

Hja tinke mei freze om it gréfsté:
Hwent hwa kantelt dy wichtige stien?
....O sjuch! yn de dage fen Peaske
Is dit wûnder troch de Ingel al dien.

Hja hearre — in wird oer forriiznis;
En — hja hiene in forstoarnen-ien socht!
De tune fen Arimathéa
Stiet al fol fen it goudenste ljocht.

„Forriizge! de Heare is forriizge!
Balje wei jimm' gewein en fortriet!“
In Ingel sjongt bliid fen forlossing
For Messias 't forhevenste liet.

„Forriizge! Hy wier de forwachte!“
O, ho heech stamt dy hearlike toan.
„De stim fen Gods âlde profeten
Hie 't al sein fen de Minskene Soan.

Forriizge! gean, siz it oan Petrus;
Ek for him is forsoening oer 't kwea.
Gean, vrouwen, gean, siz it oan allen,
Hy stie op út it gréf en de deal!“

Sa geane hja mei júbljende tongen
Ald-Jeruzalims strijitten wer láns.
Ho strielet oer fjilden en hagen
't Ljocht fen Peaske yn syn hearlikste gláns.

IT GOEDKEAPE MIEL.

Der kaem, 't is nou al tiden lyn,
By in kastlein in reizger yn,
Dy frege om spize en sliepfortrek
En alles ljeafst fen 't hearlikste ek.
In hânsol sinten hied er klear,
En spriek: „'t Is fést wol goed, mynhear,
As ik jo mei dit gûd bitelje?
Ef moat ik oare spreesje helje?“
„To freden? ik forachtsje noait in sint,
Hie 'k mar genôch fen sokke splint!“
„Goed,“ sei de gast, „jo binn' myn man,
Ik nim 't der ljeafst fetsoenlik fen.
Jo soargje dos, det strak de dis
Lyk my dat foegel aerdich laden is;
Ik waerd sa hûngrich ûnderweis:

Hwet aeijen en in skoan stik fleis
Hwet jrappels en in pánfol sop,
In puddinkje, net al to slop,
Hwet grientespil mei nútmeskaet der yn
En efternei in aerdich fleske wyn."

Jou praten jowt gjin sier
Jo hawwe dochs myn koperjild wol sjoen?

DE PARREDYSROAS.

„Forkies, Doarothéa, — ik wiis dy de wei! —
De hearlike gloed fen de jeuchlike dei,
It oansjen en de eare en de skittrjende pracht
De wille en de nocht boppe tsjuster en nacht.

Forkies, Doarothéa, oars liket it faei;
Sjong Jupiters lof boppe it Joadske geblaei;
Kom wer, o kom feilich en rëstich by ús;
Forsaekje dy Jezus, dy't stoar oan in krús."

„Hear Preator, Jo miene it fêst goed wol mei my,
Mar 'k fiel my by Jezus sa ryk en sa frij.
Myn God is myn libben, Hy hâldt my yn steat;
Him lit ik net los, hwent jimm' goaden binn'
neat.“

„Och kom, Doarothéa, bitink dy dochs goed:
Stietst' den fen dyn jeugdige wêzen gjin noed?
O wêz for de stim fen dyn feint dochs net dôf:
Ho skoan kinst' it hawwe oan it keizerlik hôf!

Hwet kinst' noch in hearliken wille hjir ha;
Hwet winkt noch it libben dy sjongende ta;

Sa jong en sa kreas as in fûnkljende stjer:
Dou meist dy net oerjaen aan dea en fordjer."

„Hear Preator, hwet jowt my de wille ef de
macht?
't Falt alles by Jezus yn tsjustere nacht;
De smaed fen dat krús is myn hope en myn
treast;
It libben is skoan, mar myn Jezus is meast."

„O tink, Doarothéa, oan 't hearlikst fen d' ierd,
Oan him, dy't syn hân en syn herte dy biedt;
O leau oan dit heil, oan myn wird, oan myn trou
En libje by my as in Preator syn vrou.

O tink oan dyn lea, noch sa jeuchdich en tear,
O leau oan dyn tsjuster gelove net mear.
Dou hearlikste faem moatst myn bidden forstean:
Scoestou yn 'e flammen ta yeske forgean?"

„Hear Preator, hwet jowt my Jou ljeafde
ef Jou goud?
Ik haw op in Hegere Ljeafde bitroud,
De Ljeafde fen Him, Dy't de súndaers bihâldt,
Op d' ivige Ljeafde, op it Ljocht fen 'e wrâld."

„Bitink, Doarothéa, ho sjongt de natûr!
Ho gloeit op it alter it heilige fjûr!
Ho roeiket de roas op 'e wjuk fen 'e wyn,
Ho myld is de sinne mei 'n goudene skyn."

„Wis, myld bloeit de sinne en de roas
ta Gods ear,
Hja meldzje de lof fen der Ingelen Hear;
O, tsjinje dy Heilân, wêz lokkich mei my:
En fiel yn Syn hoede Jo sillich en frij."

„Né, 'k hâld my by Cesar, de Goaden ta tsjinst,
Doch dou lyk as ik, 't is dyn lok en dyn winst!
Wird, ljeafste, myn vrou yn 't oanloklikste thûs!
Hwet scilst' mei in Jezus, dy't stoar oan in krús?

Jow dy wer mei siel en mei sinnen oan my!
Den bist' út dy knipende bannen wer frij;
Swar ôf dat gelove, myn hearlikste, kom!
Den bloeist' yn myn tune as de sierlikste blom!"

„Myn Jezus, o stean yn forsiking my by!
't Is wierheit, myn ljeafste op dizz' ierde wier hy.
Mar mear as syn ljeafde, o Heare, binn Jo:
Myn Jezus, myn Heilân, bihoedzje my nou."

Do kaem dêr in Boade út in hegere sfear,
Unsjenber for 't each fen it heidenske hear,
En rikte oan 'e faem mei in treastwird fen moed
In himelske roas yn in goudene gloed.

De Preator tinkt hoopjend: hja stiet yn bistân:
„O", ropt er, „myn ingel, nou nimste myn hân,
Ik bid dy, ik smeek dy! — mar 't is ek for 't lëst:
Forkies boppe it krús by ús Goaden de rëst."

„Hear Preator, ik kin net, ik mei net wer oars;
Yn 't Eden hjirboppe bloeit hearlik myn roas.
In wink noch, den hellet myn Jezus my thûs:
Gean ljeaver mei my en búg del by it krús."

„Ik merk wol, dou harkest nei ried noch gebot:
Den mei dy mar rôdde dyn fealbleke God!
Yn 't fjûr dos mei dy, hwent dou woest it
net oars,
En rûk yn dy brân mar dyn himelske roas! —

— Hjir feinten! nim wei nou dit Christlike sé,
It houtfjûr is klear en de brânsteapel ré.
By Jupiter! stook ta syn eare dit fjûr,
Den giet yn hjar stjerren hjar féstens wol oer."

Hja stiet as in laem ta de slachting sa stil,
Birêst yn 't bistjûr fen in Hegere wil;
De martelderesse de hannon nou gear
Sjongt séftkes in psallem for Jezus hjar Hear.

En sjonge de Heidenske prysters hjar sang
En ljochtet it fjûr oer hjar bloeijende wang,
Hja jubelt: „Al sikut in keizer myn fal,
Ik rûk yn 'e brân Parreddysroazen al.“

„Wol wis Doarothéa“, ropt de Preator oerstjûr,
„Ik rûk al de smook fen 't fortarrende fjûr;
Mar, komst' yn dyn Eden nei Christenbigear,
Stjûr my den sa'n roas en ik leau oan dyn Hear!“

Den, sterk is hjar wird, mei profetyske gloed:
„Strak scille Jo 't witte fen Golgotha's bloed,
Strak makket dat bloed fen Jou sünden Jo frij:
Ik stjûr Jo sa'n roas ta en Jo komm by my!“

En heftich toteistert de stoarmwyn it fjûr,
De lôge slacht wyndrjend hjar oer en wer oer;
En song se hjar psalmen ta d' ear fen hjar Hear,
Hjar stimme forstikt en hja libbet net mear.

Mar — wûndere rook by 't forbarnende hout!
As bloeit hjir in roas dy't syn geurigens jowt;
De Preator forslein, as in wezenleas bern,
Bilûkt en wirdt wyt en him skimert it sjen.

„Myn ljeafste! Doarthéa! hwet doarst ik
to dwaen?
Dyn hearlike lea oan de brânsteapel jaen!
O, flok oer 'e Keizer, om 't skildleaze bern:
Nou haw ik myn lok en myn alles forlern!“

Hy springt op syn guds en hy jaget dêr wei;
In dauwe as fen swietrook giet sweevjende mei.
Hy fjouwert it paed lâns, úntsteld en úntset:
't Is nacht om him hinne, 't is nacht yn syn hert.

Him klinkt yn syn machtigens, mear en al mear
't Profetyske wird fen dy faem yn syn ear;
De wûnderste geuren torane yn syn noas,
As joech al dy faem him sa'n himelske roas.

Hy fielt him in swalker, tohaevne en toskeind
Dêr komt lâns it berchpaed in godlike feint
Mei goudene lokken en blinkende klean,
Mei de ingeleglim fen in heilich bistean.

Hy hâldt as in skat yn in hoedzjende hân
In geurige roas út it himelske lân,
As wier it in lauwer for hegere kroan.
De Preator sjucht stiif fen úntsetting him oan.

„O Preator, de roas dy 'k hjir bloeijende ha
Stjûrt, fêst oan hjar wird, Doarothéa Jo ta.
Hjur kinn Jy 't oan wite, ho sterk en ho wis,
Ho heilich 't geloof fen de Christenen is.“

En de ingel stiigt op wer nei 't himelske lân.
Dêr stiet nou de Preator, de roas yn 'e hân;
Hy skoddet, yn 't djipst fen syn siele binaud, —
Den — bûgt er foar Jezus, Dy't stoar oan it hout.

En do't er oan 't hôf by de Keizer wer kaem
Bilide er itselde gelove as de Faem.
Hja smieten yn 't fjûr him, mar trou ta de dea
Bitoande er birou oer syn foarige kwea.

27.

IN LYTSE LUICHHEIT IS IN GREAT FORTRIET.

„My tinkt,” sei Beits tsjin Rymren,
„Dy dampeal wirdt sa min,
Der moat in oaren komme,
En ljeafst sa gau as 't kin!“

„Goed! 'k scil 't mei gauwens dwaen, mar
Hjoed kin 'k der net mei stean;
En 'k scil my wol hwet mijne
Mei 't om 'e hikke gean!“

Do, op in moarn det Rymren
Nei 't sipeltûntsje scoe,

Bimirk er det der ien fen
Syn skiepkes lamje woe.

„O, Beits!” sa skreause er, „kom dochs!
‘t Skiep lammet!” Glêd oeral,
Mei lange stappen, trêdde
Us mantsje nei ‘t gefal.

Hy tochte by de hikke
Om ‘t laem en oars om neat;
Knap! sei d’ âld peal; dêr briek er;
Plof! Rymren yn ‘e sleat.

„Help, help!” skreaut lûd it mantsje
Tomids yn ‘t kikkertsdril.
„O, hwet moat ‘k dwaen?” skriemt Beitske,
O, ho ‘t dit komme scil!”

Nou, Rymren krige al gau wer
Syn foetten ûnder ‘t liif,
En skarle wer op ‘t droege,
Trou bystien fen syn wiif.

Dêr stie er wer op ‘t wâltsje
Mei ‘t einekroas op ‘t fel;
Och, och, hwet switte it mantsje,
‘t Roun him by alles del.

Mar o, hwet foetre it wyske,
Do ‘t spil bisljuchte wier;
„Nou koest’ it den d’ris preauwe
Ho wier myn sizzen wier.

Nou komt dyn bytsje luijens
Op great fortriet to stean!”
En dêr koe ‘t bêste mantsje
Mei únd'r ‘e tekkens gean.

IT BRIEF NEI DE HIMEL.

‘t Stille berntsje yn’t swarte kleed
Sjucht sa trystich om hjar hinne:
„Och, hwet ‘s alles like wreed!
Och, hwet bin ik hjar allinne!

Och, hie ‘k mar ús Lyske wer!
Mar dy scil ‘k net helje kinne,
Dy is yn ‘e himel, dêr!
Ik, ik bin hjar sa allinne!”

Sa stiet Reinou mei hjar smert,
Mei hjar djip forlangst allinne,
Peinzget: „Lyske, scoestou net
Hiel, hiel krekt wer komme kinne?”

„Douke!” ropt se tsjin hjar dou,
„Kinst’ net nei de himel fleane?
Siz den oan ús Lyske nou
Ho ‘t wy hjar forlitten steane.

Douke, kinstou net for my
Boade nei de himel wêze?
‘k Skriuw in brief en jow it dy:
Lit hjar dêr myn letter lêze!”

Nei omhegens flucht de dou.
Reinou sjucht him nei yn’t kleare:
„Sjuch, dêr giet er; ja, ik leau
God scil fêst myn bidden heare!”

Yn hjar keamer, kâld en kil,
Sit de mem sa drôf allinne,
Sjucht sa bleek en sit sa stil;
Skrieme? né, hja scil ‘t net kinne.

Lange tiden al forlyn
Teach hjar man by hjar fendlinne
Nei de himelsinneskyn;
Hja bleau by hjar bern allinne.

Strakjes, ja, wier Reinou komd,
't Bern scoe graech hwet oanhâld krije.
Mar hja hie 't hast fen hjar stompt:
Twa woe hja hjar ljeafde wije.

Wrimpen sei hja tsjin hjar skat:
„Boartsje mar hwet yn 'e tune!“
Hie se do de hege God
Mei dat wrede wird net hune?

Och, hja hie 't wol sjoen: it bern
Hie wémoedich mem forlitten;
Mocht den net in iennichst bern
Mear fen memmeljeafde witte?

Stil! — hwet wol dy wite dou?
Ut 'e himel wei hwet sizze?....
Wyndert der in briefke nou? —
Sjuch, dêr bliuwt it iepen lizzen.

„Lyske,“ stiet der, „kom wer thûs,
Woest' net wer ris mei my boartsje?
Kom een setsje wer by ús,
Kom mar for in hiel lyts hoartsje.

't Is sa treurich allegear:
Mem wol ljeafst allinne bliuwe,
Stjûrt my al mar hinne en wer,
Hâldt net mear fen my, wol 'k leauwe.

Lyske, to, och, help hwet mei!
Freegje dochs ús ljeaven Heare.
Kin er dy net misse in dei?
Né, dat scil Er dochs net keare.

Lyske, to, dou witst de wei,
Wjukken haste ek as de douwe,
Kom den mar ien inkle dei.
Langer hoegste net to bliuwen.

Lyske, mem forkwynt fen smert,
Bring ta treast hjar himelblommen.

Lyske, siz, och kin it net?
Wolst' net efkes, efkes komme?

Nou, oant wersjen, 'k rekkenje op dy,
Dou litst Reinou sa net sitte;
'k Doch hjar tûzen dachjes by:
Lit ús dou mar 't antwird witte."

Briefke beve yn memme hân;
Hwet in oanklacht hie hja lêzen
Yn dat skrift fen Reinou's hân;
't Skokte hjar troch 't hiele wêzen.

Do in gjalp, en lyk de floed
As de diken britsen binne,
Golve it heech yn't memmemoed:
Ryklik floeiden mylde triennen.

Lang, ja lange snokkert hja,
Do gyng hja hjar ljeavling roppen:
„Reinou, ljeafste Reinou, 'k ha
Op dyn brief 't biskie fen Boppen.“

Och, ho hearlik klinkt dy stim;
't Fanke jubelt lûd sen wille:
Dât is wer hjar eigen mem,
Nou is alle pine stille.

„Bern, de dou brocht my dyn brief,
Lys scil wol net komme kinne:
Mar for twa ha 'k dy nou ljeaf,
Al bistou myn treast allinne.

DE GELEARDE HOUN.

Passer, 't hountsje fen baes Kuper,
Wier sa'n tûke, stille glûper;
Troch syn slimmens wier er meast
Folle mânsker hounen treast.

Kinsten koed er boppe mijtte:
 Krûdich op syn efterst sitte,
 Smoke, en op skildwacht stean
 Yn in pak soldateklean,
 For in stikje brea hwet sizze,
 As for dea foar 't iten lizze,
 't Weintsje lûke fen 'e bern,
 Siikje, en by it wird „forlern“
 Baes syn skoen en sliempûts helje,
 Poes for 't slinen flink bitelje —
 Al sok ding forrjuchte ús houn;
 Snoader beest waerd nearne foun.
 Lykwols tocht ús kûper yette:
 Dêr moast Passer 't net by litte;
 En gjin ûre wier er frij,
 Altyd fratsen op 'e nij.
 En, dy't oanhâldt scil ek winne:
 't Bist wier einlings safier hinne
 Det er mei in fikse gong
 Linich troch in hoepke sprong.
 Do it proefstik swierder makke:
 Baes it hoepke fink biplakke
 Mei in bôge twa pompier,
 Det der neat gjin iepning wier.
 En fen nijs bigoun it pleagjen
 Om him dêr sa troch to reagjen:
 Baes bitsjutte him ho 't it koe,
 Det pompier wol stikken woe.
 't Hountsje, seach men aan syn winen,
 Like it dochs net goed to finen;
 As men oer dy hoep bigoun
 Sloech er de eagen nei de groun.
 Mar de kûper, fêst bisletten
 Om dit saekje troch to setten,
 Dych mei 't wûnder alle war:
 „Passer, houtsje, to nou mar!“
 Passer dêrom, tsjin syn wille,
 Sprong op 't hoepke yn det it lille;
 En 't pompiersket skoerde as reach
 Do 't er dêr trochhinne fleach.
 Dochs, — 't wol graech op 't slimste rinne,

Krekt wier dêr de kûperinne,
 Op it stuit det Passer spong,
 Mei de brijpôt oan 'e gong;
 Sûnder 't roeren fen 'e rânne
 Komt er mids dérym tolânné,
 Det de brij, sa pas fen 't fjûr,
 Snijt de hiele keamer oer.
 Allen, dy't oanwêzich wierne,
 Kriegen japsen oer hjar hinne.
 En hja makken ta bislút
 't Hountsje for fen alles út.
 Sjuch, sa giet it noch altiten:
 't Ein fen 't liet is bargebiten,
 Wylst dêrby it sizzen jildt:
 Dy't it dien hat, treft gjin skild.

Nei HARMEN SYTSTRA.

30.

ELISA'S FLUCHT.

„Wis, 'k ha wol 't hirde wird forstien:
 Myn Harry is forkocht.
 Wirdt âles den for winst en jild
 Troch Christenbeulen socht?
 Mar 'k bin syn mem noch, en ik scil
 Noch witte, hwa't dit winne scill!“

En do't de joun sonk oer it gea,
 De nacht oer 't wide lân,
 Kaem hja bihoedsum bûtendoar,
 Hjar jonkje by de hân.
 „Ja,” sei hja mei in smoarde stim,
 „Stiet God my by, den hoedzje ik him!“
 Hja swalket troch, de gânske nacht,
 En 't bern fen fifeljier
 Hâldt se op hjar earm as dierbre dracht;
 Wol falt de lêst hjar swier.
 Strak, — set de moarn de loft yn goud —,
 Fielt hja, ho't hjar de krêft bijowt.

Dochs — fierder, fierder moat de tocht
 Mei dy Quadrone-twa
 En 't herte tsjucht foar hjarren út
 Nei 't réddend Canada.
 Dér binn' hja frij, dér is it goed:
 Dat jowt hjar foetten nije moed.

„Ik mei wol sliepe, en't memke, nou?
 'k Bin wirch en bibbrje sa!
 As ik tsjin mem myn holtsje oan liz
 Den falle de eachjes ta.
 Mar as ik my nei sliopen set
 Den komt dy rare man dochs net?”

„Wel né, myn bern, mem bliuwt by dy,
 Al hiet ik mar slavin;
 Ik scil't hjar toane, det ik ek
 In mem, in minske bin!”
 Biskermjend sjucht hja nei hjar soan;
 't Bern glimket slieprich hjar noch oan.

Sa giet it fierder, fierder op.
 De sinne is heal al roun,
 En glimket mei in kälde laits
 Oer snie en hirde groun;
 En neijer, neijer komme hja
 By 't vrijheitslân, by Canada.

Dat is it doel fen hjar flucht,
 Dér is 't alle minsken goed. —
 Ien myl noch fierder, ien gehucht,
 Den oer d' Owaeijo-floed....
 Den binn' hja los út slavernij,
 Den binne Elise en Harry — frij !

Sjuch, dêrre, dêr't dy reekwolk stiigt,
 Dér leit de fearboat ré,
 Dy't hjar oer 't wetter bringe scil.
 Nou net fortwiivlje, né!
 Noch ienkear, ienkear goede moed,
 En stjûr jown oan d' oaneine foet.

Dér is hja 'r! mar — hwet merkt hjar each?
 Ho stiet hja pal fen skrik.
 Hjar hope en moed falt wei yn't neat,
 Hja gjalpt mei 'n bange snik:
 „O God! o God! forlern, forlern!
 Erbarming oer myn bern, myn bern!”

Dér laei de Owaeijo feal en griis,
 Mar — boade fen 'e deal —
 In tsjok pantsier fen ronflich iis
 Omklamme him de lea.
 „Mar 'k brek dy bân fen slavernij!”
 Sa biet en bromde en gromde hy.

En knettrjend skoert er 't iis fen ien,
 Tobrekt dy winterbân.
 De skossen driuwe omheech, omleech,
 Yn wylde weagebrân.
 Hjir kin gjin ien op paed him jaen,
 Sa scil gjin boat de fearreis dwaen.

Dér falt de mem, sa bleek en kjel,
 Mei wyld en rou gelúd
 By Harry op 'e knibbels del,
 Hja snikt, hja skokt it út:
 „O God, Dy't al myn wédom sjocht,
 Is den myn reis noch om 'e nocht?”

En dér, — o freeslikst eagenblik! —
 Dér stout de fijân ta;
 De driuwer sjucht syn swakke proai,
 Hy spot en hunet sa
 En ropt it út: „Dat hast' forlern!
 Jow oer, slavin, jow oer dyn bern!”

„Myn bern, o God! myn skildleas bern
 Oan dy wer ôf to stean,
 Oan dy, sa'n slavebeul — dat noait!
 Al scil ik sôls forgean!”
 Hja nimt in oanrin, wyld, mar goed —
 En tommelt op d' Owaeijofloed.

Dêr wyndert se oer 't forskodzjend paed,
En de iisskos, skrank en skean,
Toplompt en kantelt hwer't hja stapt
By d' ôfset fen hjar tean.
Dochs springt hja foart fen skos op skos
En lit hjar dierbre lëst net los.

De flokken dwarlie hjar yn't hier,
De stoarmwyn boazet oan, —
Ien tinkbield bringt se yn ien gebet:
„Biwarje, o God, myn soan!"
En mei elke yndruk fen hjar foet
Bikleuret d' iisskos mei hjar bloed.

Dochs sweeft hja troch, dochs hâldt hja 't
Ho't hjar de wyn ek keart, — út,
Allyk de sémiuw, dy't mei macht
Oer't skolprjend wetter skeart, —
As baende hjar in wûnderstêf
In foetpaed oer dit wettergrêf.

Dêr, o, dêr stiet hja dûzljend stil.
Hwer is hja nou? al wei?
Klonk dêr gjin rauwe skreau, sa skril?
En draeit hj' yn de iisstream mei?
Né, dêr, hja riist wer, sikerwier,
Mei flapprjend kleed en fladdrjend hier.

Nóch hâldt hja Harry oan hjar boarst.
Dêr sjucht hja 't frije lân!
En — merkt hja fen omfierrens gjin
Ta help útstitsen hân?....
Ien sprong — ien lëste sprong — en sy
Stiet op de fêste wal en — vrij!!

En saunpear hannen stekke hjar
It réddingswolkom ta.
En seegnjend groetsje hja de vrou
Yn't frije Canada.
Sa stiet hjar flucht yn't hearlikst ljocht,
Sà hat it in slavin folbrocht.

DE WIZE PAPPEGAEI.

Hâns en Tryntsje scoen' ris reizgje
Mei in âlde dillesjâns;
En hja wierne mei hjar trijen:
Tryn, in pappegaei en — Hâns.

„Kom mar binnen", spriek de foerman,
„Plak dat beest mar op 'e wein;
D'r is hjiryn for him gjin romte."
En sa stiek it spil út ein.

Tryntsje sangre: „t Earme bistje
Dêr yn alle waer en wyn,
Och hwet treurich! hy forklommet!
Och, kin Pappy der net yn?"

Mar de foerman sei: „Det kin net!
Né, det bin ik net fen plan!"
Do sei Lorre alhiel tapaslik,
In foech sintsje dat him leard wier,
Dat er wit-ho-faek al heard hie:
„Hwet is dat in wize man".

En sa ried it spil der hinne;
't Wyfke prottle en eamle gâns:
„Sjuch dy loft ris tsjuster wirden;
D'r is op rein in bulte kâns."

„Lit mar reine!" sei de foerman;
„O", sei Tryn yn fel fortriet,
„As it strak bigjint to reinen
Wirdt ús Pappy ommers wiet!"

Wylst se 't sei — dêr wierne al drippen ;
't Reinde yn koarten tiid al gâns;
„Och, lit him den dochs binnen komme,
Gean dou boppe sitten, Hâns!

Dou kinst wol sa'n bui fordrage,
Mar it beest wirdt stram en stiif,

Krijt fen al dy wettergoaten
Strak de rimmetyk yn 't liif."

Ien fen de oare reizgers spotte:
„Keardel! hwet in helder plan!”
Wer sei Lorre itselde ferske:
„Hwet is dat in wize man!”

Nou stiigt Hâns mei moed nei boppen,
Sit dêr heech yn rein en wyn,
En de kouwe en 't earme bistje
Steane nou hiel smûk by Tryn.

Yn 'e wein bisprekt men iivrich
't Frjemd en wûndermoai gefal;
D' iene spot en d' oare laket;
't Hiele selskip is oeral.

Ien fen hjarren seit hiel plechtich:
„Ik forsteaan wol syn geriif:
Hy hat ljeaver wetterbuijen
As de buiken fen syn wiif.

En in wylke as tsjinpartider
Nou, dêr wit men alles fen.”
Lorre sei wer fiks en feardich:
„Hwet is dat in wize man!”

32.

DE UTREDDING.

Dûnkere wolkems oer grienjende greiden,
Tsjustere takomst, sa driigjend en swart,
Baernende woede tsjin de yslike dwinglân,
Nacht yn it hert, dat fen wrevel fortart.

Sjuch hjar dêr sitten, dy drôvige kreaze,
Bitende triennen yn 't skimerjend each,
Foart is hjar Jelke, de feint, dy't hjar trou sei,
Foart op it wird fen dy moardjende Pleach.

't Ljurkje mei fluitsje yn it ljochte hjirboppe,
't Lamke mei hipplje by 't liet fen 'e moarn,
Maeije mocht komme mei grien en mei blommen
't Bringt hjar gjin tier en gjin wille mear oan.

Hwer scoed er wêze, hwer doarmje yn 'e frjemde?
Fier yn dat Ruslân mei snie en mei iis,
Scoed er dêr lizze as in proai fen 'e wolve?
O, 't waerd hjar kâld: hwet in dea, hwet in griis.

Tinke moast hja om syn warden, dy lêste:
„Geeske, wy skiede, de Beul rukt my wei,
't Scil oan dy tinke by nacht en by dagen”;
Do hie hja swime, it gyng hjar to nei.

— Heit yn 'e himel, o God fol genade!
Sjugge Jo net ho't dy dwinglân ús grypt?
Ho't er ús nettelt, it bloed ús ôftapet,
't Ljeafste ús fen 't hert skoert, ús sielen toknypt?

O, lit him falle, dy't memmen en bern slacht,
Bring him nei 't rjucht oan 'e folken, syn lean;
Lit him, dy't tûznen by tûznen formoardet
Wei út syn hichte nei ûndren tagean!

God fol genade! o mocht it my barre
Bring noch myn feint wer yn freden by my!
Meitsje ek ús Fryslân, dat suchtet en skoddet,
Meitsje út syn bannen 't wer fleurich en frij. —

En fier yn 't ljochte Westen
Stie Fryslân's Aldehou,
Omstriele fen it jounrea,
By 't súvre lofteblau.
En 't wier sa'n frjemde wazem
Oer 't wide, wide fjild,
En 't lûstre wûndre dingen:
„It komt, hâld moed, gedild!”

Do kaem de tiid fen de skymrige jounen:
Frjemde foarsizing gyng treastgjende roun;

En hwet men hearde to Ljouwert op wykmerk,
Thús waerd 't bispritsen oant let op 'e joun.

't Rûsde fen oarloch, fen delslach, oerwinning;
't Striek oer 'e greide op 'e wjuk fen 'e wyn;
't Rimple as it koeltsje de marren en fearten,
't Brocht by de Friezen de hoop der wer yn.

Krienstra siet iensum by 't fjûr yn 'e hoeke,
Tocht oan syn Jelke, syn iennichste soan:
Hwer scoed er toevje yn 'e frjemde kontreijen?
Scoed er noch libje? ef — wier 'r al forstoarn?

Mar hwet is dêr op frjeon Wynsema skûrre?
Dat is de trijekleur, read, wyt en blau!
Krienstra flucht rôd as de reek nei syn bûrman:
„Mei ik dit leauwe? ef bist' noch to gau?”

„Né!” seit him bûrman, „'k wier jister to Ljouwert;
'k Hearde de tyngé: Napoleon slein!
'k Seach it foar eagen: dy gobbrjende Frânsen
Spylje de wyk al, hjar ryk is to'n ein!

Sjuch it mar wapprjen, it read, wyt en blauwe
Heech yn 'e loft op ús âlde Aldehou!”
Krienstra spriek oandien: „Mei 'k dit noch bilibje? ...
God, hwet in útkomst, ho great is Jou trou!”

Mar by de blidens, dy't jûble yn syn herte
Klage ek wanhopich in nettljende toan:
Wis ja, Oranje komt wer yn ús lannen
Mar komt ek Jelke, myn takomst, myn soan?

Lokkich! ek *hy* kaem! de joune foar Krysttyd
Do't men yen — 't frear sa — deljoech by de hird;
Dêr wier syn Jelke mei de earem yn 't wynsel
Sjofel en meager en rûch yn it bird.

Lykwols, hy wier 't, it wier Jelke syn stimme,
O, hwet in wersjen nei lijen en striid!
Geeske waerdroppen. Hja skriemde fen blidens:
Hearlik dat lok, nei dy dûnkere tiid!

En do't de maitiid oankaem,
It wirk sa swierich gong,
De finneblomkes bloeiden
En 't ljurkje tierich song —
Do gyngen Jelke en Geeske,
As yn in nije moarn,
Mei 't bloeijend lok yn 't herte
De lange tsjinstiid oan.

DE GOLSKJIRRE.

Hja sieten mei hjar fjouweren yn 't bûthús to thé-drinken, Ageboer syn arbeiders en de greatfeint Murk.

„Mannen”, sei de feint, „ik scil Sjouke aenstouns in loopke dwaen litte om 'e golskjirre; jim ride my net yn 'e wielen, wol?”

„Nou”, seine de arbeiders, „de boer is foart, to den mar.”

Dêr kaem de jonge oan.

„Sjouke”, sei Murk, „rin gau efkes nei Rintsjeboer om 'e golskjirre.”

„Om hwet ding?” sei Sjouke slûchwei.

„Om 'e golskjirre! Hast' dêr noch noait sen heard? Dat is in skjirre dêr't wy de golle mei biknippe moatte nou't it noat yn is. Kom, helje him mar gau.”

Sjouke krike de fysts en peddele der op ôf. Murk tochte: nou haw 'k him moai for 't soaltsje, mar dêr wier er in bytsje mis mei. Sjouke wist like goed ho't it mei de golskjirre siet as Murk. Hy seach earst ris by syn mem, bihimmele dêr in pear pankoeken en gyng do nei de bakker. Dêr kocht er in pear flinke Dimterkoeken en do tufte er nei Sjirk winkelman, dêr't er in flesse framboazewyn koft, beide persélen op Murk syn namme. Mei dizze artikels ûnder de kile trape hy wer nei de boerehuzing ta.

„Wol jonge, hast' al goed boadskip dien?” frege Murk mei in swiet glimke.

„Ja hjer, ik bin al klearkommen”, sei Sjouke. Hy helle syn koeken ûnder de kile wei, laei dy krúslings oer inoar en sei: „hjur is de skjirre, en om't er net al to droech wêze moat, haw ik dit flesfol meinommen om him to smarren.”

Murk seach op syn noas en de arbeiders laken — mar net om't sy de jonge der twisken nommen hiene.

Der waerd ornearre, hja moasten it boeltsje mar mei inoarbihimmelje, den dych dit soarte fen gol-skjirre ek noch fortuten.

Do't it spil bipluze wier, sei Sjouke: „En ik haw by de bakker en de winkelman sein, det Murk it Snejentojoun wol bitelje scoe, dat is nei bihoaren, nou?”

Dêr waerd Murk dochs danige kjel fen, mar de arbeiders seine: „Hiel just, Murk hat de jonge foartstjûrd, dy kin ek mar for de gefolgen stean”.
